

Les 6

6.1. Stavering

Underwiislearmiddels: sjoch les 1.

6.1.1. Staveringsopdracht

Besykje om sûnder boarnen de folgjende wurden goed te staverjen.

A. Folje de ûntbrekkende lûden yn.

1. kateg...rysk	-	katég...riaal
2. Am...rika	-	Am...rikanen
3. symb...lyk	-	symb...lysk
4. fig...r	-	fig...rlik
5. kateg...ry	-	katég...rysk
6. serem...nje/serem...ny	-	serem...nieel
7. strukt...reel	-	strukt...r
8. nat...r (2x)	-	nat...rlik
9. prosed...re	-	prosed...reel
10. kult...r	-	kult...reel
11. anekd...tysk	-	anekd...tyk
12. met...de	-	met...dyk
13. er...tysk	-	er...tyk
14. harm...nysk	-	harm...nisaasje
15. karikat...r	-	karikat...raal

Sjoch by problemen yn *Stavering* (les 10.1.1.) en yn les 3 fan dizze kursus by de staveringsregels (ûnder 4).

B. Folje de *ai/ei/ij - ij/y* yn.

1. k...ke	7. útwr...ding
2. b...tsje	8. beh...nd
3. h...ns (= ropnamme foar fôlen)	9. prof...l
4. h...pestôk (= troch-/opsketten plant; lang, meager persoan)	10. oph...nkapasit...t
5. m...ts	11. ...nklus...f
6. n...l	12. kred...t

Sjoch by swierrichheden les 11 fan *Stavering*.

C. Folje de *ui, eu* of *eo* yn.

1. t...ke t...ke	8. t...telich (= heech en wankel)
2. str...briefke	9. d...n
3. g...nst	10. fr...n
4. k...nst	11. Gr...nterp
5. sn...	12. gl...n
6. fl...r	13. sn...n
7. in wan br...en	14. n...ntsje (betsjutting?)

Ferlykje jo ynfollings mei dy fan oaren. As jo/jimme net wis binne, sjoch dan yn *Stavering* les 10 en 12.

6.2. Tiidwurden

6.2.1. Tiidwurde-opdracht

Ferbûgje sûnder boarnen de folgjende tsien sterke en ûnregelmjittige tiidwurden (alle persoanen, notiid, doetiid, mulwurde): *krije, kringe, krite, krûpe, kwine, laitsje, liede* ('leiden'), *liede* ('luiden'), *lige, lije*. Mij dêrby de eventuele swakke farianten. Ferlykje de útkomsten mei wat de oaren yn jo groepke der fan makke hawwe. Sjoch dêrnei yn *Tiidwurden* (s. 48-50) en yn de *Beknopte Friese vormleer* (s. 60-61). Ferbetterje de flaters.

Ferbûgje (bygelyks thús) op deselde wize en earst wer sûnder boarnen de neikommende tsien tiidwurden en mij wer de swakke farianten: *lykje, loaitsje, lûke, meie, merke, minge, mijtte, moatte, moete, piuwe* ('kieskauwen; peutenen; een spottend gebaar maken met hand of vinger').

Ferlykje nei ôfrin mei *Tiidwurden* (s. 50-53) en de *Beknopte Friese vormleer* (s. 62-63). Lês jo ferbûgings en ferbetterings fan de foargeande les nochris troch, ek dy fan de (thús) makke 10 tiidwurden út les 5.2.1. (*hâlde* oant en mei *koaitsje*).

6.2.2. Tiidwurde-opdracht

Set de folgjende 10 sintsjes ris oer yn it Frysk. Tink dan benammen om de tiidwurdsfoarms (al of net in -n).

1. Johan heeft voelen aankomen, dat het mis zou gaan.
2. Deze zomer doet mij denken aan die van enkele jaren geleden.
3. Ga nu maar rustig in die stoel zitten.
4. Ik heb het vliegtuig zien vallen.
5. Pieter probeerde tevergeefs zijn lachen in te houden.
6. Zijn ademen was duidelijk te horen.
7. Die wetenschapper doet liefst niets anders dan voetballen.
8. Je kon Wiebe al van verre horen praten.
9. Wij gaan morgenochtend met zijn allen vissen.
10. Samme heeft het eten gekookt.

Sjoch by swierrichheden ek *Tiidwurden*, par. 4.6. (s. 27-30).

6.2.3. Tiidwurde-opdracht

A. Set de folgjende 10 sinnen (mei *gaan* en *blijven*) oer yn geef Frysk. As it kin graach mear as ien mooglikheid jaan.

1. Lammert bleef met z'n auto in de modder steken.
2. U kunt wel blijven zitten, moeder, ik ga wel boodschappen halen.
3. Arjen gaat elke dag een uurtje wandelen.
4. Iedereen ging staan toen de commissaris binnenkwam.
5. Het lijkt wel of het gaat regenen.
6. Het gaat hoe langer hoe meer sneeuwen.
7. Je moet eens gaan kijken of Durk haast klaar is.
8. Ga je met de auto naar je werk of ga je fietsen?
9. Een week geleden is het gaan vriezen en nu vriest het nog.
10. Hij kwam mij helpen, toen ik alles al af had.

B. Meitsje *goed Frysk* fan de neikommende sinnen.

- | | |
|--|---|
| 1. Wa giet it moarn winnen? | 11. Wy bleauwen dêr in healoere wachtsjen. |
| 2. Hja geane op 31 jannewaris trouwen. | 12. Hy bliuwt soms de hiele middei praten. |
| 3. Wat geane wy ris dwaan? | 13. Bliuwe jimme hjir ek plaatsjedraaien? |
| 4. Ik gean jim no wat fertellen. | 14. Ik bleau sliepen oan alve oere ta. |
| 5. Ik gean in ein út fytsen. | 15. Hy bliuwt mar skellen. |
| 6. Kom jonges, wy geane iten! | 16. Lytse bern bliuwe soms mar seuren. |
| 7. Wy geane begjinnen. | 17. Al steane wy der noch sa by him op oan, hy bliuwt wegerjen. |
| 8. Gean mar bûten boartsjen. | 18. Ik wol dat wol, as ik de ferantwurdlikens hâlden bliuw. |
| 9. Nije wike geane wy út iten. | |
| 10. Ik gean in ein kuierjen | |

Lês eventueel yn *Tiidwurden* par. 4.5. (s. 23-24) jitrisk troch.

6.2.4. It tiidwurd 'gean' yn ferbining mei oare tiidwurden

Yn it Hollânsk is it tige gewoan en ferbyn *gean* mei in ynfinityf sûnder help fan *te*: Ik *ga* trouwen; De machine *ging* draaien; Het is *gaan* regenen.

Yn it Frysk hawwe wy fjouwer tiidwurden dêr't sa'n direkte ferbining wol gebrûklik by is, ntl. mei *lizze*, *sitte*, *stean* en *hingje*. Dy tiidwurden slagge op *hâldings* fan it minsklik (of dierlik) *lichem*: Jehan *gong hingjen* (*sitten*, *stean*, *lizzen*). Bûten dy fjouwer moat it stopljocht almeast op read *stean* foar *gean*. Gauris kinne wy ús skoan rêde mei *sille*: Myn âldste broer *sil* maaie trouwe.

Moat yn in sin in *begjin* fan in *hanneling* útdrukt wurde (in sin mei *ynchoatyf* aspekt), dan past in konstruksje mei *begjinne + te*: Dat gemaal *begjint* aanst wer te draaien. Fansels is it ek goed om te skriuwen: Dat gemaal *sil* aanst wer draaie.

In tredde manear om jin te rêden, is mei behelp fan *gean + te*: Wy *geane te* kuierjen; Jimme *geane* net *te* swimmen, wol?; Ik *gean te* aaisykjen.

Om't de *hanneling noch wêze moat*, dus yn de (*neie*) *takomst* leit, kin men yn sokke gefallen ek *sille + te* brûke: Wy *sille te* kuierjen; Jimme *sille* net *te* keatsen, wol?; Ik *sil te* follybaljen.

Gefaarlik foar Hollânske beynfloeding wurde ek in steal saneamde ûnpersoanlike tiidwurden dy't yn it Hollânsk de help fan allinnich *gean* krije kinne. Dat binne tiidwurden dy't almeast de wurking fan *waar* en *wyn* oantsjutte, lykas: *reine*, *waaie*, *tongerje*, *wjerljochtsje*, *frieze*, *teie*, *snije*, *hagelje*, ensfh. It Frysk hat oare middels om it begjin of it yn 'e neiste takomst foarkommen fan sokke natoerwurkings oan te jaan: It *begjint te* reinen; It *wol* reine; It *giet op in* reinen; Der *komt (rein)wetter*; It *wurd in reinder*; It *siket om (rein)wetter*. Wol mei der om tocht wurde, dat it yn ús omgongstaal net botte eigen is om te sizzen: *'Der komt *rein*' of *'Wy krije *rein*'. Wy ferbine it haadwurd '*rein*' meastal mei '*wetter*' of litte it sels alhiel wei. Mei de 'klimatologyske' wurden kin men dus yn haadsaak op deselde wize te wurk *gean*: It *begjint te* waaien; It *wol* frieze; It *giet op in* hageljen; Der *komt* teiwaar; It *siket om* snie, ensfh.

Party oare tiidwurdskonstruksjes, bûten de sfear fan *waar* en *wyn*, wurde op syn minst likefolle of mear bedrige. Tink oan bryk praat as: *'Wy *gean yn 'e tûn* wurkjen' of *'Sille wy *fiskjen gean*?'. Of noch slimmer: *'Sille wy *gean fiskjen*'. As âlde fuotsokken strykt ek: *'Se gongen mei de *priis* (of: eare) striken'.

Wol tige Fryskeigen is de konstruksje mei '*hinnegean*': Jimme meie wol *hinnegean* en set jim auto feilich yn de Akademytûn; Lit ús *hinnegean* en fertel elts fan it skoandere wurk fan de Fryske Akademy; Soe men net *hinnegean* en wiis de media op al dy taalflaters dy't makke wurde?

As men yn it Hollânsk seit fan 'Het gaat (niet)' brûkt in Fries as it goed is 'It kin (net)' of 'It wol (net)'. De hoflikheids- of gewoantefraach 'Hoe giet it' kin better troch 'Hoe is 't' ferfongen wurde, want *gean* docht men eins op 'e fuotten.

6.2.5. It tiidwurd 'bliuwe' yn ferbining mei oare tiidwurden

Mei *bliuwe* is it suver fan itselde lekken in pak as mei *gean*. De ferba *lizze*, *sitte*, *stean* en *hingje* litte har sûnder skeakels ferbine mei *bliuwe*: Kees *bliuwt lizzen* (*sitten*, *stean*, *hingjen*). Somtiden wurde tiidwurden as *stykje*, *kleve*, *plakke* brûkt as synonym fan *hingje*: Dy swiere motor *bleau yn 'e* weake klaai *stykjen*; De sprekker *bliuwt yn syn* wurden *stykjen*; Party fan syn gedichten binne te hastich yninoar setten en *bliuwe jin* as daai yn 'e mûle *kleven*; Dat flanterige behang wol mar net *plakken bliuwe*.

In grinsgefal yn dizzen liket *wenjen bliuwe* te wêzen: Hy *bleau* tsien jier yn Ljouwert *wenjen*. Om't *wenje* as synonym ek *sitte* hat, hoecht der gjin bonkje yn dy sin te sitten. *Wenjen bliuwe* kin ek wolris lykslein wurde mei *hingjen bliuwe*. Geef Frysk is yn alle gefallen: Hy *bleau* tsien jier yn Ljouwert *te* *wenjen*.

Mar mei oare 'bliuwers' dêr't it Hollânsk sa royaal mei is, moat men oppasse: 'Hij blijft eten, spelen, zeuren, werken, tekenen, praten, slapen, weigeren' en folle net genôch. Wolle sokke sinnen net yn 'e kramtrieden komme te hingjen, dan moat it yn it Frysk bygelyks sa: Ik *bliuw hjir jûn te iten*; Arjen *bleau de hiele middei te praten*; De iene swei, mar de oare *bleau oan 't seuren/seurde mar troch*; It wjerljochte, mar de keunstner *sette troch mei tekenjen*; Tsjerk *gong troch* mei typen; It *hâldt oan mei reinen*; It friest *mar troch*; Wytke *sliepte troch* oan njoggen oere ta; Samme *bliuwt efkes stean te wachtsjen*; It *bliuwt froastich, reinich, teiwaar*, ensfh.

Mooglikheden by de rûs dus yn 't Frysk. Wanskepen konstruksjes as: *'Wy *bleauwen jûn yn Ljouwert sliepen*' of *'It sil jûn wol *friezen bliuwe/bliuwe friezen*' of *'Lammert *bliuwt jûn op 'e* Akademy *wurkjen*' kinne dus maklik mijd wurde.

6.2.6. Opdracht

It tiidwurd *komme* lit him yn it Frysk ferbine mei oare tiidwurden om it *begjin* fan 'e *hanneling* fan dat tiidwurd oan te jaan, mar dan moat der tusken *komme* en it oare tiidwurd *te*, en ek wolris *om te*, ynfoege wurde. Yn it Hollânsk hoecht dat tusken 'komen' en in oar tiidwurd nèt en fangefolgen heart men it yn it Frysk dan ek gauris ferkeard brûken. Meitsje geef Frysk fan de ûndersteande sinnen.

1. Hy komt hjir *wenjen*.
2. Kom mar ris in jûn *praten*.
3. Ik kom allinnich efkes *sjen*.

4. Komst moarn by my iten?
5. Ik kom dy helpen.
6. Ik kom tentamen dwaan.

As jo net krekt witte wat de swierrichheden mei *komme* wêze kinne, lês dan de ûndersteande paragraaf efkes troch.

6.2.7. It tiidwurd ‘komme’ yn ferbining mei oare tiidwurden

Mei *komme* lykje wy gauwer as *gean* en *bliuwe* útlotte te wêzen. Yn tsjinstelling mei it Hollânsk fereasket in sinkonstruksje mei dit helptiidwurd by ús ornaris de ferbinings skeakel *te*, soms wol *om te*: Hja kaam by ús *te hús warjen*; Jehan *kaam (om) te sizzen* dat de kofje brún wie. Yn sokke sinnen sit ek dúdlik in doeloantsjuttende wurking.

Gongber taalguod is ek: Har man *kaam te fersjterren*; Pake is yn '45 *wei kommen te reitsjen*; Durk *kaam hast te fallen*; Wike waard siik en *kaam te lizzen*; Dat komt dy *te muoien (spiten)*; Wy besparje der mear mei as it ús *komme sil te kostjen*. As helptiidwurd fan **aspekt** jout *komme* yn sokke gefallen benammen it **begjin fan in hanneling** oan (in ynchoatyf aspekt).

Komme kin (lykas *gean* en *bliuwe*) wol wer goed ferbûn wurde mei *lizze*, *sitte*, *stean* en *hingje*. Dôchs is it yn guon gefallen noch wol sa eigen en skeakelje *te* yn. Foarbylden: De hûn *kaam by ús (te) lizzen*; Us heit *komt* neist my *(te) sitten*; Ik *kom* efter dy *(te) stean*; Lammert *kaam* njonken Pyt oan 'e rekstôk *(te) hingjen*; Pake is op it Penjumer tsjerkhôf neist beppe *kommen te lizzen*.

In hiele oare saak is it as *komme* ferbûn wurdt oan tiidwurden dy't in *beweging* werjouwe. It kin dan *sûnder* skeakelwurdsje: De âld dokter *kaam* de dyk lâns (del) *rinnen*; Der *komt* nochal wat ruot fan boppen *rûgeljen*; Wa *kamen* dêr de seal yn *kuierjen*?; De skoaljonges *komme* de stêd út *fytjen*; De polysje *kaam* as in snoek op my *tasjitten*; Middeis *komt* er hast altiten de reed del *panderjen*, ensfh.

Yn it Hollânsk kin men sizze: ‘Zie daar kom ik *aangelopen*’. ‘Aangelopen’ is in ôfslutend mulwurd. Yn geef Frysk kin men lykwols net sizze: *Sjoch, dêr komt Durk *oandraafd*? Wat moat dat wurde?

Sjoch foar tiidwurdkombinaasjes mei (te +) ynfinityf-n (doelfoarm) by *gean*, *bliuwe*; *komme*, *hawwe*; *hearre*, *sjen*, *fiele* (*fernimme*); *sitte*, *stean*, *lizze*, *hingje*, *rinne*, *wêze*; *leare*, *helpe*, *besykje*, *begjinne* yn *Tiidwurden*, par. 4.6. (s. 27-30).

6.3. Taalregels en taaleigen

6.3.1. Genus en sekse

By it skriuwen fan teksten kin men jin ôffreegje hokfoar *genus* (grammatikaal slachte) oft men brûke moat. It liket winsklik om dan ek wat oer *sekse* (natuerlik slachte) te sizzen, om beide begripen útinoar te hâlden. Allinnich by minsken en dieren wurdt fan sekse praat. By Sipma (*Ta it Frysk III*, 7-11) is in goed oersjoch te finen. Yn *de Lytse Fryske Spraakleare* (1904), de earste Frysktalige spraaklear, fan Postma & De Clercq is ek ien en oar te finen oer manlik en froulik. Wy jouwe it oersjoch fan *Sipma* en folje dat oan mei dat fan Postma & De Clercq.

Grammatikaal besjoen soene wy yn de hjoeddeiske taalsituaasje prate kinne fan twadderlei slachte fan de haadwurden: ‘de-wurden’ en ‘it-wurden’. It Aldfrysk hie noch ûnderskied yn trijen: *thi* (manlik), *thiu* (froulik), *thet* (ûnsidich). It Dútsk hat dat hjoed de dei ek noch: *der* - *die* - *das*, it Frânsk hat allinnich mar manlike en froulike wurden: *le temps* en *la terre*, it Ingelsk hat allinnich noch ‘the’.

1. By de minske wurdt de sekse oanjûn:

- a. troch wurdferskaat: *man-frou*, *feint-faam*, *jonge-famke*, *heit-mem*, *broer-suster*, *pake-beppe*, *omke-muoike*, *neef-nicht*, *sweager-snoar*;
- b. troch efterheaksels: *boer-boerinne*, *prins-prinsesse*, *master-masterske*, *kastlein-kastleinske*, *arbeider-arbeidster*.

Guon efterheaksels tsjutte ornaris *manlike* persoanen oan: *learaar* (-aar); *leagener*, *omrinder*, *tsjinner* (-er); *rintenier*, *barbier* (-ier); *learling*, *folgeling*, *haadling* (-ling); *slûgert*, *suffert* (-ert).

Oare efterheaksels jouwe in oantsjutting fan *froulike* persoanen: *bakkerinne*, *kosterinne*, *freondinne* (-in[ne]), inkeld ek by bisten: *bearinne*, *liuwinne*; *tsjoenster*, *bolrinster*, *kreamheinstster*, *naaister* (-ster); *prinses(se)*, *profetes(se)* (-es[se]); as oantsjutting fan ‘de frou fan ...’: *masterske*, *pastoarske*, *smidske*, *kastleinske* (-ske) (rekke yn ûnbrûk); *studinte*, *learlinge*, *kampioene* (-e) [wurdt min ofte mear keunstmjittich yn skreaune taal brûkt]. Foar de jonge minske: *bern*, *feintebarn*, *fammensbern*.

Wannear brûke wy *syn* of *har*? It *famke* is seksueel *froulik*, mar grammatikaal *ûnsidich* (it is in ferlytsingswurd): It *famke* hat *har* tas weisleept. It seksuele wint it. It *bern* hat *syn* boartersguod stikken makke, as it in jonkje, en *har* boartersguod, as it in *famke* is.

2. By de grutte húsdieren is ek wurdferskaat foar de *soarte*, de *sekse*, foar it *jonge* en foar it *sniene* dier: hynder (soarte), *hynst* (mantsje), *merje* (wyfke), *fôle* (jong), *rún* (sniene hynst); (ko)bist, *bolle*, *ko*, *keal*, *okse*; *swyn* (*baarch*), *bear*, *sûch/mot*, *bich/bigge*, *baarch*; *skiep*, *raam*, *ei*, *laam*, *wear*. Fierders ûnderskiedt it Frysk: *hûn*, *rikel* (mantsjehûn; mantsjefoks), *teef* (wyfke); *boarre*, *kat*; *raam* (mantsjeknyn), *ei/mot* (wyfke); *hoanne*, *hin*, *pyk*; *jerk(e)*, *ein*, *pyk*; *garre*, *goes*; *doffert*, *do*.

Opmerklik is: *hij* (*âldhij*, *doffert*, *ljip*), *sij* (*sijke*, *jok*, *jokje*, *do*, *doke*, *ljipke*). By oare dieren kin de sekse ek oanjûn wurde: *liuw-liuwinne*, *bok* (mantsjehart, mantsjegeit) -geit; mantsjeknyn, mantsjeljurk, mantsjeljip; *wyfkehazze*, -knyn, -mosk, -oaljefant. Mei *jong*- kin oantsjut wurde dat it om jonge minsken of bisten giet: *jongfeint*, *jongfaam*, *jonghynder*, *jongkat*.

3. Mei sekse hat genus mar in bytsje te krijen. It wurdslachte slacht yn haadsaak op:

- it brûken fan it lidwurd (artikel) foar it ientallich haadwurd (substantyf): *de*, *it*;
- lyksa it brûken fan it oanwizende foarnamwurd (pronomen demonstrativum) yn it iental: *dy*, *dizze*; *dat*, *dit*;
- de ferfanging fan it haadwurd yn it iental troch it pers. foarnamwurd fan de 3^{de} persoan: *hy*, *er*; *hja/hju*, *sy*, *se*; *it*.

4. Neffens Sipma binne de *neutra* (it-wurden):

- ierdrykskundige nammen fan lannen en wenplakken: it lytse Fryslân, it âlde Dokkum. Mar: De Fochtel, De Gordyk (op 'e Gordyk), De Jouwer, De Haule, De Knipe, De Lemmer, De Wylgen ensfh.; wol wer: it foarútgeande Gordyk; It moaie Ljouwert hat syn Aldehou; De Jouwer leit yn Skarsterlân; it is in flek(ke);
- de nammen fan metalen: *it goud*, *it sulver*;
- in stikmannich stofnammen: *hout*, *wetter*, *sân*, *moal*, *smoar*, *sâlt*, *fet* (sjoch fierder by 5);
- substantivearrings fan nammefoarmen (ynfinitiven), eigenskipswurden (adjektiva), foarnamwurden (pronomina), bywurden (adverbia): *it wêzen*, *it kwea*, *it hoe en wat*; *it wolkomthûs*;
- gearstallings mei *-fol*: *it hânfol*, *it mûlfol*;
- ferbale stammen mei de foarheaksels *be-*, *fer-*, *ge-*, *ûnt-*: *it bedriuw*, *it fersin*, *it geklei*, *it ûntwyk*;
- ferlytsingswurden (diminutiven) *op -ke*, *-je*, *-sje*, *-tsje*: *kastke*, *beamke*, *boekje*, *gatsje*, *stuoltsje*;
- substantiven mei it efterheaksel *-sel*, ôflaat fan tiidwurden (ferba): *wynsel*, *draachsel*; mar *de stisel*;
- substantiven mei it kollektyfefterheaksel *-te*, *-t*, ôflaat fan haadwurden: *it beamte*, *it stjerte*, *it fûgelt*, *it kobbelt* (P. Baardt); mar: *de swierte*, *de wiette*, *de stjerte*, *de berte*, ôfliedings fan eigenskipswurden en tiidwurden.

Alg.: It *komitee* hat *syn* wurk goed dien, want *komitee* is ûnsidich. It Ingelsk brûkt dan *its*, wy dogge it neffens Wadman krekt-en-allyk as yn ús buortaal Hollânsk.

5. *Froulike* wurden (feminina; *sy-se-de*-wurden) binne (Sipma, 9-11):

- de nammen fan froulike persoanen: *de frou*, *de mem*, *de tsjoenster*; mar: *it wiif*, *it minske* (as *minske* froulik is, is it in neutrum!);
- in stikmannich stofnammen: *de bûter*, *de rjemme*, *de brij*, *de sûker*, *de jittik* (ferl. ek 4);
- in steal abstrakta, benammen yn literêr gebrûk: *de taal*, *de macht*, *de krêft*, *de wille*;
- abstrakta mei de efterheaksels *-heid*, *-ens*, *-de*, *-te*, *-me*, *-tme*, *-nis*, *-skip*: *wierheid*, *goedens*, *leafde*, *krapte*, *brûkme*, *skientme*, *witnis*, *blydskip* (yn literêre en wittenskiplike taal goed te brûken).

Froulik binne neffens Postma & De Clercq (s. 34):

- de nammen fan froulike persoanen en dieren (sjoch ek by 6!);
- dy fan de measte blommen, strûken en nôtsoarten: *roas*, *hulst*, *weat*;
- nammen fan letters ('stêven' sizze Posma & De Clercq) en muzyknoaten: *de 'i'*, *de 'z'*; *de 'bes'*;
- de wurden dy't fan tiidwurden ôflaat binne en op *-st* einigje: *fynst*;
- de measte wurden dy't op in toanleaze *-e* útgeane: *skoalle*, *wille*;
Utsûnderings binne sokke dy't in manlik wêzen oantsjutte as *heite* (Hark ris, *heite* [= jonge, kammeraat]), *bolle* en inkelde ûnsidige as *herte*;
- de wurden dy't oan 'e ein de útgongen *-heid*, *-te*, *-ij(e)*, *-me*, *-ens* of *-nis(se)* hawwe en dy't op *-skip* útgeane, foarsafier't se net ûnsidich binne: *frijheid*, *boasheid*, *folte*, *grietenij(e)*, *hjitme* (Dongeradiel), *sûnens*, *groet(e)nisse*, *freonskip*;
- de op *ing(e)* útgeande wurden as se fan tiidwurden ôflaat binne: *ferliking(e)*;
- de Fryskfrijemde wurden mei de útgongen *-aazje*, *-sje*, *-teit*: *koeraazje*, *reaksje*, *kommisje*, *sosiëteit*: De kommisje hat

har wurk goed dien!

6. *Manlike* wurden (maskulina; hy-de-wurden) binne (Sipma):

- de nammen fan manlike persoanen: *de man, de heit*;
- de nammen fan manlike dieren: *de raam, de jerke*, en sels fan (in stikmannich!) *froulike* dieren: **de ko, de merje, de kat, de hin(!)**. Neffens Sytstra & Hof is dat net altiten it gefal: 'Een koe in de algemeene beteekeenis van rund wordt vaak aangeduid met *hy*, maar als stuk melkvee wordt er nog wel eens van gesproken als *hja*' (s. 78);
- de nammen fan in hiele protte oare libbene wêzens: *de ûle, de wjirm, de mûs, de fisk*;
- de nammen fan stoflike dingen (foarsafier't it gjin neutra binne!): *de stoel, de tafel, de spegel, de toer, de tsjerke, de peal, de hikke, de doar, de kaai, de hammer, de bile, de pinne*, ensfh.;
- de nammen fan de jiertiden en de dagen fan de wike: *de hjerst, de snein*;
- in stikmannich abstrakta: *de groei, de glâns, de tiid, de dei, de nacht, de ûndernimming*.

Manlik binne neffens Postma & De Clercq (s. 33-34):

- de nammen fan it Heechste Wêzen;
- dy fan manlike persoanen en dieren. As der ûnderskied fan beneaming is, wurde grutte en sterke bisten as manlik beskôge, foarsafier't it slachte der net sa op oankomt. Oars wurdt útdrukking *mantsje* of *wyfke* foaropset: *mantsjekanarje, wyfkeputter*; by guon fûgels praat men ek wol fan de *hij* en de *sij*;
- de nammen fan beammen: *boek, line*;
- dy fan jiertiden, moannen en dagen (útsein maaie) en de ferbinings mei moanne, bgl. *rispmoanne*;
- de measte haadwurden dy't út de stamme fan in tiidwurd besteane en de wurking sels op harsels oanjouwe: *reed*), *bûns*;
- de fan tiidwurden ôflate haadwurden, dy't op *-er* en *-ert* útgeane: *keatser, knikkert*;
- de haadwurden útgeande op *-el, -m*, en *-em*: *pikel, earm, boazem*, behalven (*it*) *lichem*;
- sokke dy't op *-dom* einigje, teffens fan eigenskipswurden ôflaat binne en in tastân fan weardichheid útdrukke: *âlderdom, weedom* ('smart'), **de eigendom** is oan my. Dêrtsjinoer: **it minskdom**; *dit* is syn eigendom (om't eigendom hjir in beskaat foarwerp oantsjut).

7. Sipma seit dat it in heikerwei is om foar it wurdslachte yn it Frysk regels te finen. Fryskpraters sille har yn it brûken fan it lidwurd *de* of *it* net gau fersinne. It pronominale gebrûk foar it neutrum stiet wol fêst. Mar mei de oantsjutting troch de foarnamwurden *hy, er; hja, sy, se* is dat minder it gefal. It is net altyd maklik (of dwaanlik!) om te skieden tusken maskulinum en femininum. Ferlykje: De *brij* is hjit: dat hat *se* fan it fjoer net krige; Dy *brij* kin ik sa net ite, *hja* is my te hjit; Wy litte ús *taal* net farre, jimmer hâlde wy *se* yn ear (G. Colmjon). De pronominale oantsjutting bart faak troch it (swak-)demonstrative *dy* yn pleats fan troch it personale en dan blykt it manlike of froulike net (... ús *taal*, jimmer hâlde wy *dy* yn eare).

Sytstra & Hof (s. 78) sjogge net folle ferskil tusken it wurdslachte yn it Frysk en it Hollânsk: 'In het algemeen komt het geslacht der zelfst. nw. in het Friesch vrijwel overeen met dat in het Nederlandsch.' Wadman wiist der yn syn *Taal-tûkelteammen* (LC, 9-5-1986) op dat men by ûnwissens oer it brûken fan syn/har yn in sin mar it bêste *Van Dale* of de bekende *Woordenlijst Nederlandse taal* (it 'Griene boekje') brûke kin, want de Fryske wurdboeken hawwe har al sûnt Waling Dykstra fleurich foar de fraach manlik-froulik weiwynd. It Frysk Wurdboek fertelt allinnich oft it in it-wurd of in de-wurd is.

Nei it rieplachtsjen fan in Hollânsk wurdboek wurde wy gewaar dat: De beam syn en de blom har/syn blêden ferlern hat (by 'boom' fynt men in *m.* en by 'bloem' *v.(m.)*); De groep hat *har/syn* earste elpee útjûn (*v.(m.)*); De mûne hat *syn* wjokken yn 'e stoarm ferspille (*m.*); It is te hoopjen dat Lammert *syn* fraach no beändere is (*m.*).

8. Der is net altyd oerienstimming yn wurdslachte tusken Frysk en Hollânsk, bgl. *ankel, boarst, burd, kin, krop* ('*de wreef*'), *kût, skouder, wang* binne yn it Frysk neutra; sa ek: *aard, boadskip, grôt, hôf, laad, laai, omslach, plak, sin, skaad, skilderij, slaad, sop* ('*de soep*'), *stee(d)*. Soms kinne *de* en *it* beide sûnder betsjuttingsferskil brûkt wurde yn it Frysk: **de/it** knyn ('het konijn'), *brief* ('de brief'), *kreil* (wyld strewel), *doopsedel* ('doopceel'), *anys, apteek, bierpsalm* (drinkliet), *figuer, flij* (flues). Wat soe dan de bêste standertfoarm wêze? Tink dêrby ek om it *distânsjebegjinsel*. *De*-wurden yn it Frysk dy't yn it Hollânsk 'het' hawwe, binne: **de** mar, de oere (**de** *healoere, de sprekoere, de lêste oere!*), *de fôle, de holle, de hikke, de wiele*.

It ezel en *it* radio binne yn ûnbrûk rekke en ferfongen troch *de*; *it* fabryk wurdt troch it Hollânsk wat langer wat mear ynterferearre ta **de* fabryk.

By gearstalling foeget neffens Postma & De Clercq it slachte him ornaris nei it *lêste* diel dêrfan: *de bûtermakker, de brievekaart, it widzekleed*. Utsûnderings: *it sketjef, de steamboat*. Nijsgjirrich is neffens Sipma it genus fan: *it*

finsterbank, *it festjebûs*, *it sketjefte (hea)* ('gift voer aan rundvee op stal'), dy't neutra binne, lykas it *earste* part fan de gearstalling.

Ferskate haadwurden binne mienslachtich neffens Postma & de Clercq. d.w.s. se binne òf manlik òf froulik, al nei de betsjutting dy't se yn de sin hawwe. Bygelyks:

- de wurden op *-ling*, *-neat*, *-noat*: *tsjusterling*, *dogeneat*, *lotgenoat*;
- losse wurden as: *boade*, *erfgenamt*, *gidze* ('gids'), *kammeraat*, *klant*, *lidmaat*, *miich* ('bloedverwant; goede vriend'), *tsjûge*.

Rienk de Haan besiket yn syn *Mei freonlike groetnis* (1995, s. 130) it probleem fan it wurdslachte te ferienfâldigjen. Hy formulearret it moai behindich: 'Om't yn it Hollânsk *de*-wurden sawol manlik as froulik wêze kinne, ûntstiet der faak betizing en witte de lju (foaral by abstrakte begripen) net hokker foarnamwurd oft brûkt wurde moat. (...)

De regel foar it Frysk is út soarte ienfâldich: **om nei *de-* en *it-*wurden te ferwizen, brûkt men foarnamwurden as *hy/er/syn*, behalven as it dúdlik froulike wêzens giet** (guon wyfkebisten útsûndere).' Soms kinne swierrichheden mijd wurde troch it brûken fan *dy*: De *bûter* is hurd, *dy* hie earder út 'e kuolkast moatten.

As de regel fan De Haan de Fryske standertnoarm is of wurdt, dan hie it mei it rieplachtsjen fan boppeneamde Fryske grammatika's wol wat koarter om 'e hoeke kinnen. Wat tinkt jo fan dy regel?

6.3.2. Opdracht: betsjutting *de-* of *it-*wurden

1. Al neffens de betsjutting binne *de-* of *it-*wurden: *board*, *boat*, *bosk*, *bout*, *ein*, *fal*, *minske*, *moed*, *sin*, *skrift*, *soal*, *stof*, *team*. Sykje de ferskillende betsjuttings ris op yn it wurdboek.

2. Postma & De Clercq neame noch oare wurden mei in dûbeld slachte, dy't ek in ferskillende betsjutting hawwe: (**de/it**) *bier*, *blik*, *bocht*, *boek*, *doek*, *fertsjinst*, *hear*, *heil*, *lear*, *lêst*, *rym*, *seal*, *spoar*, *swee*, *wiel*. Boersma & Van der Woude (*Spraaklear II*) neame û.o. ek noch: *sok*, *hier*, en J.K. Dykstra: *yntaast* (s. 297). Sjoch fierderop (Griemmark): *steal*. As jo der aardichheid oan hawwe, kinne jo dy (thús) ek ris opsykje.

Yn dizze les hawwe wy ferwiisd nei twa grammatika's, dy't net earder neamd binne:

- Postma, G. & P. de Clercq, *Lytse Fryske Spraeleare it Westerlauwersk om 1900 hinne oangeande*. Ljouwert: R. van der Velde, 1904. Dy spraaklear is de earste taalkundige hantlieding foar it Frysk yn it Frysk, benammen ornearre foar de learkreften fan de legere skoallen. It is dan ek 'Opdroegen oan Skoallemasters, dy't it Frysk troch hjar onderwiis yn dy tael stypje wolle'.
- Boersma J. & G. van der Woude, *Spraaklear I. Lesboekje foar de oplieding ta de Fryske Akte*. Ljouwert: Afûk, 1981².
- Boersma J. & G. van der Woude, *Spraaklear II. Lesboekje foar de oplieding ta de Fryske Akte*. Ljouwert: Afûk, 1980².

6.3.3. Taaleigen en taalregels út *Mei freonlike groetnis*

Lês globaal de siden 86-100 troch en meitsje oantekens. Jou ekstra omtinken oan:

- *ôfbrekke(n)*: lestich te ûnthâlden is de regel ûnder 4c:
(i) as it folgjende wurdlied in *sjwa* (*stomme e*) befettet, dan bliuwt ien bylûd stean en geane fan de oaren safolle nei de folgjende rigel as dat yn in Fryske *begjinkloft* stean kinne (sintrifúzje, wrinzgje, gletsjer → sintrifúz-je, wrinzgje, glet-sjer).

(ii) Yn *frjemde* wurden mei in *fol lûd* yn it folgjende wurdlied geane alle bylûden nei de folgjende rigel foar safier't se in 'kanonike [as rjochtline of foarbyld tsjinjende] Fryske begjinkloft' foarmje en foar safier't der gjin betizing oer de útspraak fan it benefterbliuwende lûd ûntstiet: *bû-zjy*, *kli-sjee*, *jus-tysje*, *bud-zjet*, *revolu-sjonêr*, d.w.s. *alle bylûden* fan it begjin fan in Frysk wurd + *z(j)*, *v(j)*, *g(j)* (dy't begjinne mei in saneamde stimhawwende rûzer).

Boppedat ferliest yn in iepen wurdlied in *ú* syn *skerpteken* en wurdt in *dûbelde aa* en *oo* mei in inkeld teken werjûn: *yllúzjonist* → *yllu-zjonist*; *húchelje* → *hu-chelje*; *tubaatsje* → *tuba-tsje*; *dookje* [= mei *do* oansprekke] → *do-kje*, *goochem* → *go-chem*. Ferl. ek *Stavering* (F.B. Dijkstra, 2003⁵, par. 17.4.9 oer it *ôfbrekstreekje*).

- *ôfkoartings*: it Frysk hat gjin dúdlike regels oangeande ôfkoartings. It Hollânsk wurdt almeast folge.
- *per*: it wurd *per* is gjin Frysk; der binne alternativen.

- *pleonasme*: tefolle wurden brûke om in begryp út te drukken, wurdt ornaris net as goed sjoen: in âlde skierkert, in swarte moar, in reade tomaat. De eigenskipswurden jouwe ynformaasje dy't al opsletten sit yn it haadwurd. As *stylmiddel* kin it lykwols in fersterkjend effekt hawwe. It leit dan wat oan tsjin in *tautology*, d.w.s. it werheljen fan in selde tinkbyld mei in oare útdrukking: iepen en bleat; frank en frij, stiif en strak; have en goed.
- *rapport*: De Haan jout in moai foarbyld fan in *koart rapport yn telegramstyl* by dit *stekwurd*. It is hiel gaadlik om it model op it wurk faak te brûken by net te yngewikkelde ûnderwerpen.

6.3.4. Opdracht út de Wurdlist foar it offisjele ferkear

It is foar gâns profesjonele taalbrûkers fan belang om wat fertroud te reitsjen mei wurden en útdrukkings dy't krijen hawwe mei it formele(re) en offisjele(re) ferkear. Dy binne foar it rjochtsferkear te finen yn:

- P. Duijff, *Juridysk Wurdboek/Juridisch Woordenboek Nederlands-Fries, met een index Fries-Nederlands*. Groningen/Ljouwert: Martinus Nijhoff/Fryske Akademy, 2000 (677 siden).

Fierders is foar it offisjele ferkear tige brûkber de

- *Wurdlist foar it offisjele ferkear* (Ljouwert: Taalburo Fryske Akademy, 1989).

In seleksje fan wurden en útdrukkings út dy list hawwe in plak krigen yn ûndersteande opdrachten.

A. Wat is (binne) it (de) Fryske ekwivalint(en) foar:

- | | |
|--|-------------------------------------|
| 1. wat dat aangaat | 15. afchecken |
| 2. de berichten aangaande de toestand uw bezwaren de verkoop aangaande te dien aangaande | 16. ter afdoening |
| 3. de zaak is aanhangig | 17. afgerond is dat ... |
| 4. met al den aankleve van dien | 18. degressieve afschrijving |
| 5. daar matig ik mij geen oordeel over aan zich rechten aanmatigen | 19. hij liet afweten |
| 6. een aanmerkelijk belang hebben in | 20. een zaak afwikkelen |
| 7. een aangemeten oplossing | 21. zijn standpunt afzwakken |
| 8. aanname | 22. een akte verlijden waarvan akte |
| 9. aanpalend | 23. alleenwonende |
| 10. de natuurlijke aanwas | 24. amoveren |
| 11. aanwijzingsbevoegdheid | 25. appelleren |
| 12. ad vier procent | 26. artikel 19-procedure |
| 13. adviessnelheid | 27. attitude |
| 14. een subsidie 'afbouwen' (germanisme!)/beëindigen | 28. autosnelweg |
| | 29. autoveer |
| | 30. autowrakkenbergplaats |

B. Sykje (thús) de Fryske wjergaders op fan:

- | | |
|-----------------------------------|---|
| 1. ten eigen bate ten bate van | 21. een bewaakte overweg |
| 2. bedrieglijke bankbreuk | 22. bewakingsdienst |
| 3. buiten bedrijf (stellen) | 23. in verzekerde bewaring |
| 4. een beduidend aantal | 24. bewegwijzering |
| 5. begrotingsoverschrijding | 25. bewindvoerderschap |
| 6. begunstigde | 26. bezorghandel |
| 7. een behartenswaardig voorbeeld | 27. overeenkomst onder bezwarende titel een bezwarende verklaring |
| 8. ten behoeve van | 28. dat is vechten tegen de bierkaai |
| 9. beleidsinitiërend | 29. bijramen |
| 10. beleidvol | 30. bijscholing |
| 11. een bemiddelingspoging doen | 31. binnentreden |
| 12. benadrukken | 32. blikvernauwing |
| 13. bepalen | 33. bloed- of aanverwantschap |
| 14. de openbare beraadslagingen | 34. blote eigendom |
| 15. de bereden politie | 35. bodempensioen |
| 16. het valt te betreuren dat ... | 36. branchevervaging |
| 17. betrokkene | 37. de kosten vormen het breekpunt |
| 18. betrokkenheid | 38. budgetuitzetting |
| 19. bevestiging | 39. buitengerechtigd |
| 20. bewaarneming | 40. bulkgoederen |

6.3.5. Griemank út *Op 't aljemint of oare boarnen*

sa

Sa betsjut yn it Frysk:

1. 'Zodanig, op die, deze wijze': *Sa* moastst dat dwaan; *Sa* en net oars; Ek *sa* ('insgelijks')
 2. 'Zodanig, in deze, die mate, graag': Jimme moatte net *sa* ôfgrysliek eamelje; *Sa* grien as gers; *Sa* net, do moastst it sels witte ('trouwens, daar niet van').
 3. 'Ter aanduiding van, overeenstemming met de werkelijkheid': *Sa* sil it wol wêze; *Sà* is dat!; en *sa*, ... ('en dergelijke'); It is in merakel *sa* as dy jonge leare kin; *Sa* sawat ('zo ongeveer op die wijze'); (Ja), dat is ek *sa* ('dat is waar ook').
- Sinnen as: *Geane wy *sa* fuort? of *Lammert komt *sa*, binne dus gjin geef Frysk. Dat soe wêze moatte: Geane wy *daliks* fuort?; Lammert komt *daliks*.

sêd

'Dat (eten) vult' wurdt yn it Frysk: Dat sêdet! 'Ik zit vol (van eten)' is: Ik bin sêd.

setters

'Pootaardappelen' binne yn it Frysk *setters*, *setier(d)appels* en gjin *'poaters'. 'Poater' betsjut 'zoekgeraakt'.

sike

Sike hat twa betsjuttings, al neffens de útspraak

1. 'Zieke': *sike* [si:k] [lange i]: De *sike* leit op bêd.
2. 'Ademtocht': *sike* [sik] [koarte i]: Yn ien *sike* (wei) ('in een adem'); In boek yn ien *sike* útlêze; De *siken* ynhâlde; Efter de *siken* (efter de pûst, 'buiten adem'); De lêste *siken* útblaze.

sinten

It Hollânske 'dat kost vijf cent' wurdt yn it Frysk: fiif **sinten**. In postsegel fan tachtich (euro)sinten ('tachtig [euro]cent'). Tink om de *-en*! Yn it Hollânsk kin wòl: Daar liggen vijf (losse!) (euro)centen.

slagje

'Hij slaagt erin' moat yn it Frysk wurde: It slagget him (en nèt: *Hy slagget deryn). 'Hij is er niet in geslaagd' wurdt: It is him net slagge (en nèt: *Hy is der net yn slagge). 'Hy slagget deryn, derút, derhinne, derwei' kin allinnich as it betsjut 'het gelukt hem erin, eruit, erheen, ervandaan te komen'. Hoe kin dus de neikommende sin ferbettere wurde: *Tusken de bedriuwen troch *slagget* de auteur *deryn* de lêzer ek noch deeglik op 'e hichte te bringen fan de wegen dy't allegearre foar in goed histoarysk ûndersyk brûkber en geanber binne' (*LC*, 25-3-1994, s. 24)?

snypsnaar

In snypsnaar is 'een zaak van geringe waarde': Noch in snypsnaar misse. Snypsnaaren binne 'kleinigheden van allerlei soort, van alles wat'.

soks

'Fan soks' kin somtiden brûkt wurde yn it plak fan *fandat(oangeande)*, yn *dat opsicht*, wat *dat oanbelanget* ('wat dat bertreft'): *Fan soks* is Samme net sa'n minne keardel; *Fan soks* liket Wytse neat op syn famylje; *Fan soks* is ús direkteur tige geskikt.

steal

De *steal*, 'opstaande, geheel of gedeeltelijk doorgebrande turf in haard'.

It *steal*, 'staal' (1-3):

1. 'plaats, grondslag van mestvaalt';
2. 'onderste gedeelte van hooihoop, dat op het land is blijven liggen';
3. 'plaats, veelal bedekt met een laag turf, takkebossen enz. waar b.v. een hooischelf is opgetast';
4. 'rest, overblijfsel (inz. van spijs en drank)': Der is noch in stealtsje rys oer; der sit noch in stealtsje drank yn 'e flesse;
5. *In steal*, 'een hoop, veel': Wy krigen my dêr noch in steal wetter ('het regende heel erg')!

*'stelle'

'Hij stelt in dat artikel dat een oplossing in die zin mogelijk is' soe winliken nèt oersetten wurde moatte mei: *Hy stelt dat ... Dat kin better mei: *Hy ornearret, bewearret, seit, ponearret, is fan betinken dat ...*

stypje

'Ondersteunen' is yn it Frysk (*ûnder*)*stypje*. Ek: *stibearje*, *stipelearje*: It regear moat ús mar stypje (mei jild) ('geldelijk ondersteunen'); Immen yn it kwea, in misbegryp stypje ('[ver]sterken').

Sunich

Sunich kin 'zuinig' betsjutte, mar bgl. ek *kloek*, *stadich*, *sêft*: (1) Sunich libje ('spaarzaam'); (2) It is sunich wurk mei har ('ze is doodziek'); (3) Sunich prate ('stil, niet luid'); Kinst net wat suniger fytse? ('langzaam, niet snel'); Sunich baarne ('flauw branden'). Hokfoar betsjuttings soene yn it brûken bedrige wurde en hokfoar net? Wêrom?

6.3.6. Taalsoarch; folchoarderproblemen: *Kom *net hjir!*

Yn de didaktyk fan it Frysk op de skoallen en (Afûk-)kursussen liket de lêste jierren wat mear omtinken te kommen foar de folchoarder fan de *tiidwurden* yn it Frysk. Mar oare, skynber ûnproblematiske wurdjes lykas as **dêr** en **hjr** hawwe yn it Frysk ek in *eigen* plak yn de sin. Under ynfloed fan it Hollânsk kin dat plak op in slûpende wize ferskowe en feroarje. Dat probleem fertsjinnet lykas de tiidwurdfolchoarder mear omtinken. Ik behein my yn dizze les benammen ta it plak fan **hjr** en **dêr** yn de sin (ferl. ek *De Pompeblêden*, nû. 4, 2002, dêr't it as artikeltsje yn ferskynd is).

Kombinaasjefragen

It deart jin oan as men in kombinaasje heart (of lêst) lykas yn de kop fan dit stikje stiet: Kom **net hjir!* Tinkt men dan net: 'Doocht dat wol?' Is dat ek it gefal as men sinnen tsjinkomt lykas: Ik haw *in lampke dêr/hjr*; Sy wennet *hielendal dêr*; Hy komt *nei hjir*; Dy wei rint (net) *lâns hjirre*; Dat die se *dus dêr*; Ek *hjrre* moat dat kinne; Dat leit *noch dêr*; Hy komt *allinnich mar hjir*; Jou dat mar *even hjir*. Moatte de fetprinte bywurden fan plak **hjr** en **dêr** net (ferplichte) foar de oare skeanprinte wurdjes stean?

No giet it boppe benammen om kombinaasjes fan ferskillende bywurden mei it bywurd fan plak: *dêr(e)/hjr(re)*. Dêr binne wy der net mei, want wat tinkt jo fan de neikommende bywurdkombinaasjes: Sil ik it *alfêst* (*net, earst, leaver*) **no** keapje? Do kinst it *better dan/daliks* dwaan! Wurkest ek (*net, altyd, faak, allinnich, wer, mar, leaver, better*) **jûns**? Moatte de fetprinte *bywurden fan tiid* winliken net foarop?

Hoe sit soks mei oare wurdsoarten lykas *foarnamwurden*? Bygelyks bywurdkombinaasjes mei *oanwizende* foarnamwurden as *dy, dat, dit* en *dizze*: Kinst *better dy* delsette; Ik sil *efkes dat* oprêde; Dan wol ik *aanst dit* oan hawwe; Ik ha dus *net dit*; Ik haw *leaver dy*; Sy docht it *ek sels*? Hiel wat kombinaasjes klinke ús grif raar (Hollânsk) yn 'e earen, mar is alles ûnfrysk? Wat is der oer skreaun? En by wa komme sokke kombinaasjes foar?

Wat is der oer skreaun?

Oant no ta is der net folle oer soksoarte gefallen publisearre. S.W. Douma (= Douwe Kalma, yn it *Frysk taeleigenboekje. It túch derút, 1946*) en Jan Stienstra (yn *Taalboek foar beginners, 1982⁹*) jouwe mar in pear foarbyldsjes, wylst ek yn *Foar de taalspegel* (1984) wat te finen is (of is it eins better om te skriuwen: 'wylst yn *Foar de taalspegel* ek wat te finen is?'). Kalma jout op it stik fan de wurdfolchoarder 'mar in pear lytse dingen' sa't er sels seit: Kom *eens hier*: Kom **hjr ris!** Kom ris harren (s. 16). Stienstra jout yn in oefening in pear sintsjes om te ferbetterjen: Kom **ris hjir*; Dat is **mar goed ek* (*Suver Frysk VII*, s. 61). Al syn oare foarbylden hawwe mei de tiidwurdfolchoarder te krijen. *Foar de taalspegel* befettet allinnich inkelde probleemgefallen mei *ek* en *hjr* (s. 77-78): Dat is **mar goed (moai) ek*; Kom **mar hjir*; Sjoch **ris hjir*; Dat is de reden dat ik **net hjir* wie. De stikjes mei in stjerke (*) binne ferkeard. Dat hie yn geef Frysk wêze moatten: Dat is **ek mar goed (moai)**; Kom **hjr mar**; Sjoch **hjr ris**; Dat is de reden dat ik **hjr net** wie.

In net maklik (wittenskiplik) artikel fan Jarich Hoekstra mei de titel *In nijsgjirrige folchoarderbeheining yn it Frysk en it spjalten fan foarnamwurdlige bywurden* (yn: *Philologia Frisica, anno 1993*, Ljouwert, FA 1994) is foar ús doel fan mear belang. Hoekstra hat foar faklju skreaun en brûkt sadwaande nochal spesjalistyske taal. Hy besiket om soksoarte fan folchoarderferskillen tusken it Frysk en it Hollânsk yn in teoretysk ramt te setten en te ferklearjen. It docht bliken dat gâns kombinaasjes dy't der wol op troch kinne yn it Hollânsk, yn it Frysk net tastien binne. By it Frysk komt it *folle krekter*.

Hjr en dêr

Yn it Hollânsk binne neffens Hoekstra twa folchoarderfarianten goed. It kin yn dy taal lije en sis of skriuw: Kom *eens hier* (daar)/*hier* (daar) *eens!* En: Kom *eens hierin (daarin)*/Kom *hier (daar) eens in!* Fan 'echte' Hollanners heart men frijwol altiten de earste fariant. Yn it Frysk is, oars as yn it Hollânsk, allinnich de lêste fariant mooglik: Kom **hjr ris**; Kom **hjr ris yn**. De frekwinte Hollânske folchoarder beynfloedet it Frysk fan Frysktalige jonge(re) minsken al ier en betiid as se tefolle Hollânsk hearre (en lêze). Mar by net-Frysktaligen dy't Frysk leare, bliuwt de Fryske sinbou ek in probleem. By harren kinne wy tsjinkomme: Hy komt **aanst hjir*; Set dat **efkes dêr* del; Gean **ris hjir* stean; Ik kin dat **better dêr* lizze; Wy sille dan **flugger dêr* wêze; Miskien leit it **al hjir*; Asto **daliks dêr* biste; Dat leit **net mear hjirre*; Ik wol **leaver hjir* stean, ensfh.

Sinbouswierrichheden mei twa bywurden efterinoar jilde net allinnich foar kombinaasjes fan **hjiir/dêr** mei *ris*, mar komme likegoed foar yn 'e mande mei (oare) bywurden. Bygelyks mei *modale* wurdtsjes lykas *ek*, *dan*, *doch(s)*, *no*, *mar*, *wol* ensfh. In stikmannich foarbylden; earst de goede Fryske folchoarder en tusken heakjes de gauris opmurken ferkearde:

- Hast it programma **hjiir** *ek* (**ek hjiir*)?
- Wennet dyn suster **dêr** *dan* (**dan dêr*)?
- Sjoch **hjiir (dêr)** *dôchs* (**dôchs dêr*)!
- Lis dat boek **dêr** *no* (**no dêr*)!
- Set dy blommen **hjiir** *mar* (**mar hjiir*)!
- Ik gean **dêr** *wol* stean (**wol dêr*).

Utsein by modale wurdtsjes, komt it ferskynsel ek foar by oare, almeast bywurdefte wurdtsjes lykas *al*, *noch* en *ek* (graad), *net* (ûntkenning) en *wer* (tiid):

- Is er **hjiir** *al* (**al hjiir*)?
- Leit har boek **dêr** *noch* (**noch dêr*)?
- Tsjonge, jo **hjiir** *ek*, Wiersma? (**ek hjiir*)?
- Hy hat **hjiir** *net* mear west (**net [mear] hjiir*).
- Doe siet se **dêr** *wer* (**wer dêr*)!

Net allinnich yn kombinaasjes fan (twa) *bywurden* kin it mis gean, mar likegoed yn dy fan in bywurd mei in *foarnamwurd*. Sjoch mar:

- Se leit **hjiir** *ien* del (**ien hjiir*). [*ien* is in ûnbeskaat foarnamwurd]

Wy sjogge dat yn it Frysk **hjiir** en **dêr** winliken altiten *foarop* stean moatte. In útsûndering is bygelyks: Hy hinget *it dêr*. De folchoarder ***dêr** *it* (*it* is in *beskaat foarnamwurd*) liket ûnmooglik. Folle flaters sille der net mei makke wurde, omdat yn it Hollânsk ek mar ien folchoarder mooglik is: Hy hangt *het daar*. Fan de kombinaasje ***daar** *het* kin itselde sein wurde.

Hjiir en **dêr** kinne dus yn 'e *regel* net brûkt wurde nei lytse net-bûgbere wurdtsjes (partikels). In sin as: Bliuw ***mar dêr**! kin der perfoarst net op troch as dêr ferwiisd wurdt nei immen/eat *binnen in tekst* (*taalkontekst*). As der lykwols streekrjocht ferwiisd wurdt nei in persoan of saak yn in konkrete taalgebrûkssituaasje, dus bûten in tekst om, yn in situaasje dy't foar de petearpartners bekend is, dan soe men dêr in fraachteken by sette kinne: Bliuw [?]***mar dêr**! Yn sa'n direkte, konkrete *werklikheidsituaasje* kin der neffens Hoekstra twivel wêze oft de folchoarder altiten wol sa ferkeard is. Foar in ferwizing nei in plak *binnen in tekst* (taalkontekst) is dy twivel der net en dêr sille wy yn de ûnderwiispraktyk ornaris mei te krijen hawwe.

Dy twivel liket der ek te wêzen as men mei gefoelsklam (emfatysk) de langere wjergaders **hjiirre** en **dêre** brûkt. Hoekstra pleatst by sintsjes as: Smyt de bal [?]*ris hjiirre* (yn it plak fan: **hjiirre** *ris*); of: Smyt dy klean [?]*mar dêre* (yn pleats fan: **dêre** *mar*) allinnich in fraachteken en gjin stjerke. Hy sjocht dy farianten lykwols as net botte linich en frijwat ûngebrûklik yn it Frysk. Wy kinne se sadwaande mar better skouderje en bûten de taalstandert hâlde.

Hjiirre en **dêre** begjinne dan lykwols al wat te lykjen op oare plak- en rjochtingsoantsjuttings dy't wòl efter modale partikels stean kinne: Smyt dy bal *ris nei heit* [= *dêre*!]; Smyt dy klean *mar yn 'e waskkoer* [= *hjiirre*!] Soe dat it ferkeard brûken fan **hjiir(re)** en **dêr(e)** ek fersterkje?

Yn de folgjende lessen wat oer oare gefallen.

6.4. Eigen wurk (30-45 min.)

Sykje, as dat nedich is, in groepsfoarsitter. Besjoch en ferbetterje wer ien of twa eigenmakke teksten. Soargje, as it heal kin, de oare kears wer foar farske oanfier.

Korreksjebled(en) opdrachten les 6

6.1.1. Staveringsopdracht

Korreksje:

- kateoarysk, Amearika, symbolyk, figuer, kategory, seremooanje (seremony), struktureel, natoer (natuer) proseduere, kultuer, anekdooatysk, metooade, erooatysk, harmooanyisk, karikatuer, kategoriaal, Amerikanen, symbooalysk, figuerlik, kategoarysk, seremonieel, struktuer, natuerlik, prosedureel, kultureel, (de) anekdotyk, metodyk, erotyk, harmonisaasje, karikaturaal
- kaike, baitsje, hains (ynterjeksje; ropnamme foar fôlen), haipestôk (trochsketten, te lang wurden plant; lang en meager persoan), maits, neil, útwreiding, beheind, profyl, opheinkapasiteit, ynklusyf, kredyt
- tuike tuike (*tuike* oan, stadich/kalm oan; *tuike* (tjú) ek ropnamme of flaiiwurd foar kij; by minsken om harren te kalmearjen), struibriefke, geunst, keunst, sneu, fleur, in wan bruien (in pak op 'e hûd; *wân/wan*: slaan mei in flaiiel/fleiel/swingel op it te terskjen nôt), tuitelich (tuitेरich, tuitich: heech en wankel stean), deun (wyske; tige sunich, gjirrich; ticht(e)by), freon, Greonterp, gleon, sneon, neontsje (n[j]uentsje, nûnderje, reauntsje, Holl.: 'neuriën')

6.2.1. Tiidwurde-opdracht

Brûk by de korreksje fan de tiidwurden *krije* oant en mei *lije en lykje* oant en mei *piuwe* de alfabetyske listen út *Tiidwurden* (s. 48-53) en *Beknopte Friese vormleer* (s. 60-63). Tinkt om: do *moatst* (notiid) en do *moast* (doetiid)

6.2.2. Tiidwurde-opdracht (al of net in -n)

- Jehan hat oankommenen field, dat it mis gean soe.
- Dizze simmer (fan 't simmer, fan 'e simmer) docht my tinkenen oan dy fan inkelde jierren (fer)lyn ([h]okkerjiers).
- Gean no mar rêstich yn dy stoel sittenen.
- Ik haw it fleantúch delkommenen (fallen) sjoen.
- P. besocht (nèt: *probearre!) om 'e nocht (fergees, omdôch) om syn laitsjen yn te hâldenen.
- Syn *sykheljen* (*azemjen* is benammen it Hollânske 'uitademen') wie dúdlik te hearrenen.
- Dy (nèt: *dizze) wittenskipper docht leafst neat oars as fuotbalje(nen). (kin it beide neffens jo?)
- Men koe Wibe al fan fierrens pratenen hearre.
- Wy geane moarnier mei-inoar te fiskjenen.
- Samme hat *itensean*en. (tiidwurd net skiede)

Taljochting: Yn sin 7 bestiet by ús in sterke foarkar foar de ynfinityf op -e: Dy wittenskipper docht leafst neat oars as fuotbalje. By de foarm *fuotbaljen* moat men mear tinke om it *hiele kompleks om it baltraapjen hinne*: it fuotbaljen (de aktiviteit kriget dan mear it karakter fan in *haadwurd* of *substantyf*). As it der om giet dat de persoan sels tsjin in bal oantrapet, dan moat it *fuotbalje* wêze.

Lit ús as ferdúdliking yn boppesteand foarbyld earst mar ris it tiidwurd *fuotbalje(n)* fergee: (sin 7) Dy wittenskipper docht leafst neat oars as *skriuwe(n)*. Dêr komt ús dy einichste -n wat nuverder oan as by it *fuotbaljen*.

As wy de sin in bytsje fariearje mei *oars net*, dan is der yn alle gefallen gjin twivel mooglik: Dy wittenskipper docht leafst *oars net* as *skriuwen*/**skriuwe*. De twivel dy't der is, sit him dus mei yn dat *neat oars*, dat in *selsstannichheid* oantsjut, wat *nominaals* (in 'nomen' is in 'zelfstandig naamwoord' of 'haadwurd') en dan komt men út op de -en-ynfinityf.

Oan 'e oare kant freget it tiidwurd 'docht' om in *hannelings*synterpretaasje fan 'e wittenskipper sels en dat freget wer om in -e-ynfinityf. Foar ús gefoel is dy lêste driuw yn dit foarbyld sterker, mar men soe dy oare yn it orizjinele sintsje (*fuotbaljen*) net útslute moatte. Dat de -e-ynfinityf yn *skriuwe* winliken dôchs wol nedich is, mei faaks ek bliken dwaan út in foaropsetten fan 'e hanneling: *Skriuwe*/**skriuwen* docht dy wittenskipper it leafste.

Earder hawwe wy de regel jûn: yn it Frysk kriget it grûnwurd allinnich in *n* nei *te*, nei *it* en as wy der *it* foar tinke kinne: hy sit *te* lêzen, hy is oan *it* lêzen, hy leart [*it*] lêzen.

Sjoch by oare swierrichheden ek *Tiidwurden*, par. 4.6 (s. 27-30).

6.2.3. Tiidwurde-opdracht (mei gean en bliuwe)

- L. bleau mei syn auto yn de modder (drek) stykjenen.
- Mem kin wol sittenen bliuwe, mem, dan boadskipje ik wol (doch ik de boadskippen wol).

3. A. giet alle dagen (leaver net: eltse dei) in oerke te kuijerjen.
4. Eltsenien gong stean doe't de kommissaris deryn kaam.
5. It liket wol oft it reïne sil (begjinne sil te reïne).
6. It begjint wat langer wat mear te snijen.
7. Do moatst ris sjen oft D. hast klear is.
8. Giest(o) mei de auto nei it wurk of giest(o) te fytsen?
9. In wike (fer)lyn is it begûn te friezen en no friest it noch.
10. Hy kaam om my te helpen, doe't ik alles al ôf hie.

Sjoch by swierrichheden ek *Tiidwurden*, par. 4.6 (s. 27-30).

B.

1. Wa sil it moarn winne?
2. Hja sille op 31 jannewaris trouwe.
3. Wat sille wy ris dwaan?
4. Ik sil jim no wat fertelle.
5. Ik gean in ein (út) te fytsen.
6. Kom jonges, wy sille ite!
7. Wy sille begjinne.
8. Gean mar nei bûten te boartsjen.
9. Nije wike sille wy út te iten.
10. Ik gean in ein te kuijerjen.
11. Wy binne dêr in healoare bleaun te wachtsjen.
12. Hy bliuwt somtiden de hiele middei te praten.
13. Bliuwe jimme hjir ek te plaatsjedraaien?
14. Ik sliepte (troch) oan alve oere ta.
15. Hy gong mar troch mei skellen (Hy skelde/skold mar troch; Hy hold mar oan fan skellen; Hy bleau oan it skellen; Hy hold net op fan skellen).
16. Lytse bern seure mar troch. (sjoch sin 15 foar mear mooglikheden)
17. Hy bliuwt by syn wegerjen (Hy wegeret noch altiten).
18. Ik wol dat wol, as ik de ferantwurdlikens hâld (hâlde kin; hâlde mei).

Lês eventueel yn *Tiidwurden* par. 4.5 (s. 23-24) jitrisk troch.

6.2.6. Tiidwurde-opdracht (mei komme)

1. Hy komt hjir te wenjen.
2. Kom mar efkes in jûn (del) te praten.
3. Ik kom allinnich efkes om te sjen.
4. Komst moarn by my te iten?
5. Ik kom om dy te helpen (Ik sil dy helpe).
6. Ik kom om tentamen te dwaan (Ik sil tentamen dwaan).

6.3.1. Genus en sekse

Sjoch ek yn *Mei freonlike groetnis* ûnder de stekwurden *ferwiiswurden*, *har-sykte* en *wurdslachte*.

6.3.2. Opdracht betsjutting de- of it-wurden

It board: itensboard; plaat boumateriaal; it board fan in skip

De board: board fan klean (earder faak fan linnen makke)

It boat: lyts fartúch (dat fart troch riemen, seil of motor)

De boat: steamboat, motorboat, mailboat (De Lemster boat; No is de boat oan)

De bosk: wâld, grutte samling beammen

It bosk: bondel, skeaf: blommen, biezemriis, latten, kaaïen, iel, flaaks, reid, woartels, fearren, hier; ek wol lytse samling beammen (Holl.: 'boomgroep')

De bout: metalen stêf, doarskoattel, strykbout; earm fan in mins ('It yn de bouten krije' = behearskje); liderke (Holl.: 'sneuwklokje'); pilebout (Holl.: 'bloekolf van de lisdodde'); stryk-, tikselbout

It bout: stik fleis

De ein: beslút; dêr't eat einiget (einpunt fan plak of tiid: de ein fan de leane, jûn: ●); einfûgel
It ein: uterste diel, stik, part, ôfstân (it hiele ein fytse: ➔)

De fal: it (del)fallen; ferslimmering, stimbûging: de fal yn it wetter; de fal fan it ljocht; de fal fan de prizen; de sûndefal; de twadde (nam)fal

It fal: fallûk; gefal; foech; djip plak yn 'e see; tou dêr't it seil mei omheech helle en strutsen wurdt; fanggat of útsparre romte yn in hea- of nôtfek; flank (fan in ko)

De minske (mins): Holl: 'mens', 'De minske is in wêzen dat taal brûkt'

It minske (mins): frou: 'Dat minske hat in swier libben hân'; ien minske: 'It lokkichste minske op 'e wrâld wêze'

De moed: dapperens, krigel ('De moed sit him yn 'e hakken'); hoop ('De moed sakje litte'); libbenslust ('De moed wie derút')

It moed: libben fleis ('Op it moed snije', bgl. by hoefbekapjen); Holl.: 'gemoed' ('Yn it moed taaste, op it moed komme; It moed sjit my fol; Immen yn it moed sprekke; It moed romje [Holl.: 'zijn hart luchten']').

De sin: *folsin*: in gearstalde sin; *betsjutting*: de figuerlike sin; de sin fan it libben; *sintúch*: de fiif sinnen; *gefoel*: sin foar skilderkeunst.

It sin: *tins of tinken*: yn it sin komme; it is my troch it sin gongen; *rjochting fan it stribjen*, *opset*: it sin earne op sette; *it wollen*, *bedoeling*: eat yn it sin hawwe; tsjin it sin wêze; it sin is der ôf; *nocht*: om it sin (út learhawwerij), it sin foel derop, it nei 't sin hawwe; *fielen*: it sin is net sa bêst fan 'e moarn

De skrift: bibel: goed yn de Skrift thús wêze

It skrift: skriuwen: it bern krige in nij skrift; ik kin syn skrift net ûntsiferje; dy taal hat in oar skrift; eat op skrift stelle; geskrift

De soal: foet-, skoechoal; ûnderflak fan de foet of fuotark: in gat yn 'e soal hawwe; it wol ûnder de soal fan 'e skoechoal skriuwe kinne; *ûnderkant fan in flakke skaaf*

It soal: farwetter, wetterbaan tusken iis en ûndjipten: it soal troch de mar, yn de feart, troch it iis

De stof: grûnstof of mearje: de fergiftige, droege stof; weefsel: de katoenen stof; ûnderwerp: de stof foar in roman, petear; foarried; oanlieding

It stof: túch, stostof: alles sit daliks wer ûnder it stof

De team: bytling; leie (laaie), bit ensfh. fan in ryddier: it hynder by de team krije; immen de team oandwaan (strang oanpakke); kliemerich prate, seure: hy kaam gau wer op de âlde team dat it syn frou har skuld wie

It team: keppel, flecht, briedsel, smeed, skaai: it team piken, biggen, bern: der doocht net ien fan it hiele team

Eksimpels fan dûbel slachte by Postma & De Clercq (*Lytse Fryske Spraekleare*, 1904):

De bier: lykbier (leit de kiste op)

It bier: drank

It hear: persoan yn ûngeunstige sin; leger, lju dy't gearkomme

De blik: eachopslach

It blik: túchblik, metaal

De heil: beferzen rein

It heil: loksteat

De bocht: bûging, kromte

It bocht: minne waar, kwaliteit

De lear: learinge; ûnderwiis; stelsel

It lear: loaide hûd

De boek: beam

It boek: lê- of skriuwboek

De lêst: swiere fracht (lêsten fertôgje); parsing ('druk'); ferplichting, taak, soarch (gâns ta jins lêst hawwe); hjit (befel; wa hat dêr lêst ta jûn?), belesting (húshier en lêsten)

De doek: bûs- of halsdoek

It doek: weefsel

It lêst: mjitte (in lêst nôt is 30 hl; in lêst modder is 16 kroadfollen of in heale pream fol modder); lading; drokte, muoite, fertriet (lêst hawwe fan mûzen, jûkte); pleach, pine (lêst fan 'e mage); ûnhoflikens; *it lêst(e)* Holl.: 'nageboorte'

De fertsjinst: yn hegere sin

It fertsjinst: jildlik

De hear: persoan

De rym: froast
It rym: bûne styl

De seal: grut fertrek
It seal: rydseal (foar in fyts, motor of in bist)

De spoar: prikel
It spoar: trein

De swee: fertoaning
It swee: it droegjen fan gers, hea of nôt op it fjild

De wiel: spinwiel, draaikolk, wetterkolk (ûntstien nei it trochbrekken fan in dyk)

It wiel: rêd, tsjil

6.3.4. Optracht: wurden en útdrukkings foar mear formeel, offisjeel taalgebrûk út de *Wurdlist foar it offisjele ferkear*

Korreksje:

- A. 1. wat dat oanbelanget, wat dat oangiet; 2. de berjochten oer de tastân; jo beswieren oangeande, tsjin it ferkeapjen; wat dat oangiet, wat dat oanbelanget; 3. de saak is noch net útiten, de saak hinget noch; 4. mei alles wat derby komt, by heart, mei anneks is; 5. dêr sil ik neat fan sizze, (mar wakker) miene dat men rjochten hat; 6. in dúdlik belang hawwe yn; 7. in oplossing dy't alhiel fan pas is, in gaadlike oplossing; 8. útgongspunt, (ûnder)stelling, hypoteze; 9. neistlizzend, oanbuorjend, oanswettend; 10. de natuerlike oanwaaks, groei; 11. oanwizingsfoech; 12. tsjin, foar fjouwer persint; 13. advysfaasje, advysgong; 14. stadichoan ophâlde mei; 15. neigean, neirinne; 16. om ôf te hanneljen, foar ôfhanneljen; 17. yn rûne sifers, yn rûn jild is dat; 18. (it) letter ôfskriuwen; 19. hy die ôfberjocht, ôftyngje, hy sei ôf; 20. in saak ôfhannelje, regelje; 21. jins stânpunt fersêftsje; 22. in akte passearje; 23. allinnewenjend persoan/ien dy't op himsels/harsels wennet; 24. slope, ôfbrekke, amovearje; 25. yn berop gean, appel oantekenje, abbelearje, it hegerop besykje; 26. kêst 19-prodeduere; 27. hâlden en dragen, hâlding, attitude; 28. autodyk; 29. auto(fear)boat; 30. autotsjerkhûf
- B. 1. foar jinsels; foar; 2. ferrifeljende, misliedende bank(e)rot; 3. út it wurk; 4. in fiks tal; 5. it boppe de begrutting (út)gean; 6. begeunstige (persoan); 7. in treflik foarbyld; 8. foar, te'n geunste fan, ta geriif fan, nedich foar; 9. beliedsinisjearjend, beliedsfoarmjend; 10. mei belied, mei goed oerlis, mei ferstân, mei ferdrach, mei takt; 11. besykje (om) te bemiddeljen; 12. mei klam wize op, de klam lizze op; 13. fêststelle, bepale; 14. it iepenbiere oerlis, berie(d); 15. de hynsteplysje, p(o)lysje op hynders, p(o)lysje te pearde(e); 16. it is spitich dat, it muoit ús dat; 17. oanbelangjende (persoan), persoan dêr't it om giet; 18. betruksenens, meilibjen, belutsenens, belutsenheid; 19. (it) befêstigjen, (de) befêstiging; 20. (it) yn bewarnimmen, (de) bewarnimming; 21. in befeilige oerwei; 22. wachttsjinst, bewekkingstsjinst; 23. yn bewar, yn 'e hechten; 24. hânwizers (en buorden); 25. bewâldfierderskip; 26. sutelhannel; 27. oerienkomst ûnder belêstigjende titel, oerienkomst mei ferplichtings; in belêstigjende ferklearring 28. dêr is gjin salve oan te striken, dat is fjochtsjen om 'e nocht, dat is heaterskjen; 29. derby begrutsje; 30. by-oplieding; 31. deryn gean, yn 'e hûs gean; 32. beheining fan eachweid; 33. (it) besibbe of oantroud wêzen, (de) sibskip; 34. (de) keale eigendom, eigendom sûnder mear, bleate eigendom; 35. basispinsjoen; 36. skiftferdizening; 37. it rint stomp op 'e kosten, de kosten binne de toarnangel; 38. budzjetfergrutting, budzjetferheging; 39. bûtenrjochtlik; 40. los guod, stoartguod